

Fryske Foarlêswike 1 o/m 5 juny 2015

It is hast wer safier, fan 1 o/m 5 juny is it de Fryske Foarlêswike. Op bernedeiferbliuwen en pjutteplakken troch hiel Fryslân hinne lêze frijwilligers foar út it nije Tomke-temaboekje.

Elk jier is it wer in feest! En der is foar elk bern it Tomkeboekje 'Hoi Tomke!' om gratis mei nei hûs te nimmen. Troch tegearre mei it bern de ferhalen te lêzen, de ferskes te sjongen en spultsjes te dwaan leare pjutten (nije) wurden en begripen en sil de wurdskat boartsjendewei fergrutsje.

Yn de moanne juny

Om der wis fan te wêzen dat alle pjutten yn Fryslân tagong ha ta it gratis Tomkeboekje is it boekje **fan begjin juny ôf** gratis te krijen by alle biblioteken en konsultaasjeburo's yn Fryslân. It boekje dus graach net earder oanbiede as de earste wike fan juny, yn ferbân mei de Fryske Foarlêswike! Dêrneist krije alle konsultaasjeburo's ek in poster om op te hingjen, mei in ferske út it boekje en de data fan de tv-útstjoeringen fan Tomke.

Tomke belibbet fan 1 o/m 26 juny om ± 17.50 oere op Omrop Fryslân TV allegearre nije aventoeren. Sjoch ek ris op tomke.nl foar ynformaasje oer (foar)lêzen, ferskes, spultsjes en ferhalen. Op de webside stiet [foar alle bernsintra de ynformaasje oer de foarlêswike](#), sa't dêr ek [mear nijs oer it boekje 'Hoi Tomke!'](#) te finen is.

Tomke-temaboekje 2015: 'Hoi Tomke!'

Lykas oare jierren steane der yn it boekje ek dit jier wer ferhalen, lietsjes, opsiferskes en spultsjes, tichtby de belibbingswrâld fan bern. 'Hoi Tomke!' giet oer de daaglikse dingen dy't in pjut op in dei meimakket of meimeitsje kin: Tomke kriget in nije juf; Kornelia en Tomke gean nei de skuonwinkel; de koeken fan de bakker wolle Tomke en Yana Yu sels ferkeapje en mei it skoalreiske sille se nei de bernebuorkerij.

Tomke: ferhaaltsjes foar pjutten, ynformaasje foar grutten!



Fryske Foarlêswike 1 t/m 5 juni 2015

Het is bijna weer zover! Van 1 t/m 5 juni wordt de Fryske Foarlêswike georganiseerd. Op bijna alle kinderdagverblijven en peuterspeelzalen in Fryslân lezen vrijwilligers voor uit het Tomke-themaboekje.

Elk jaar is dit weer een feest! Alle peuters mogen vervolgens ook het Tomkeboekje 'Hoi Tomke!' gratis meenemen naar huis. Door samen met het kind de verhalen te lezen, de liedjes te zingen en spelletjes te doen leren peuters (nieuwe) woorden en begrippen in het Fries kennen en wordt de woordenschat spelenderwijs vergroot.

In de maand juni

Om ervoor te zorgen dat alle peuters in Fryslân de mogelijkheid hebben om een gratis Tomkeboekje te krijgen is het boekje **vanaf begin juni** verkrijgbaar bij alle bibliotheken en consultatiebureaus in Fryslân. Dus graag het boekje niet eerder aanbieden in verband met de Fryske Foarlêswike, vanaf de eerste week van juni! Daarnaast krijgen alle consultatiebureaus ook een poster om op te hangen. Hier staat een liedje uit het boekje op en de data van de tv-uitzendingen van Tomke.

Van 1 t/m 26 juni beleeft Tomke elke dag bij Omrop Fryslân TV om ongeveer 17.50 uur allerlei nieuwe avonturen. Kijk ook eens op tomke.nl voor informatie over (voor)lezen, liedjes, spelletjes en verhalen. Op de website staat [voor alle kindercentra informatie over de foarlêswike](#), zoals daar ook [meer nieuws over het boekje 'Hoi Tomke!'](#) is te vinden.

Tomke-themaboekje 2015: 'Hoi Tomke!'

Met verhalen, liedjes, kleurplaten, opzegversjes en spelletjes, dichtbij de belevingswereld van het kind. 'Hoi Tomke!' gaat over de dagelijkse dingen die een peuter op een dag meemaakt of kan meemaken: Tomke krijgt een nieuwe juf; Kornelia en Tomke gaan naar de schoenenwinkel; de koeken van de bakker willen Tomke en Yana Yu zelf verkopen en met het schoolreisje gaan ze naar de kinderboerderij.

Tomke: ferhaaltsjes foar pjutten, ynformaasje foar grutten!

